

## It Bestjoer

### Ponghâlder:

A. Wester-Muller  
Scheiberglaan 316  
1974 SG IJmuiden till. 0255-510575

### Skriuwster:

T.L. Rijkema-van Malsen  
Grootschermerweg 8  
1843 HE Groot-Schermer till. 0299-671170

### 2<sup>e</sup> Foarsitter en 2<sup>e</sup> ponghâlder:

L. Pen-Berkenpas  
Lorentzplein 12  
2012 HG Haarlim till. 06-21512999

### 2<sup>e</sup> Skriuwer en lede-administraasje:

P. Heijblok  
Oosteinderweg 40  
1981 AP Velsen-Zuid till. 0255-517089

Mutaasjes oer opsizzen fan it lidmaatskip (foar 1 maaie) en adresferoarings skriftlik of telefoanysk rjochtsje oan:  
P. Heijblok (lede-administraasje).

Bankrekken nr. NL 30RABO 0373500149 op namme fan:  
Penningmeester Fries Gezelschap Gysbert Japicx Haarlem

Kriteblêd: Redaksjeadres: Grootschermerweg 8  
1843 HE Grootschermer

E-mail: [kritehaarlem@hotmail.com](mailto:kritehaarlem@hotmail.com)

## Fan de (2<sup>e</sup>) foarsitter,

Ofrûne 5 novimber ha wy folop genietsje kinnen fan de Muziekgroep THC Oostergoo, dy't mei sang en muzyk fan lûkpûde, akkordeon, gitaar en djembe in tige fariearre program delsetten

hienen. Wat in entûsjasme yn 'e seal! Sawol ûnder it meisjongen fan bekende Fryske en Ingelske lietsjes as nei ôfrin. Mei in steand applaus hat de seal it selskip betanke.

Ek letter kamen der fan guonnen noch loovjende reaksjes by bestjoersleden binnen.

Wat in moai begjin fan it nije winterskoft.

Fansels hoopje wy sa'n moaie start trochsette te kinnen.

Nei ús betinken binne wy dêr treflik yn slagge en it docht ús dan ek tige deugd dat wy dêrta de toanielploech fan de ús sa bekende krite Boadegraven 'Fier fan Hûs' boeke hawwe kinnen.

Hja spylje in bjuster nijsgjirrich toanielstik fan Gerrit Meter 'Twafertsjinnens yn Twastriid'.

De koarte ynhâld fan it stik is de yngewikkelde sitewaasje dy't ûntstean kin as man en frou beide drok binne mei harren wurk en net mear oan harren sels en elkoar takomme. En dat is yn dit gefal sa.

Dat ûnthjit wat te wurden!

Op himsels al wer reden te oer om op sneon, 14 jannewaris 2017, fan de partij te wêzen. En fansels stiet der ek wer in moaie ferlottingstafel om elkenien kâns te jaan op ien of mear prachtige prizen.

Ta beslút winskje ik jimme allegearre, út namme fan it bestjoer, tige noflikke krystdagen en in goede jierwiksel ta.

Wy hoopje inoar op 14 jannewaris persoanlik in lokkich, sûn en segent nijjier winskje te kinnen.

Mei kritegroetnis,  
Loes Pen-Berkenpas, 2<sup>e</sup> foarsitter

## Wier bard

Beppe krige in útfanhûzer,  
in beppesizzer, nei har neamd.  
't Famke hie der in bulte sin oan,  
hie der tiden al fan dreamd.

Mei de nachtpon yn 'e koffer  
en de poppe ek mar mei,  
arrivearre hja by beppe  
op in moaije simmerdei.

Nou, dêr siet hja dan prinshearlik,  
wie alhiel op har gemak.  
Beppe, oars in bult' allinne,  
hie wol nocht oan 't leaf gesnak.

Want dat lytse mûltsje die mar:  
'Hoe sit dit en hoe komt dat?'  
Beppe tocht mei stille wille:  
wat in praetsek is die skat.

Mar de jouns waard 't famke stiller,  
de forhalen rekken op.  
't Wyfke waard, tocht beppe, slûch no.  
en sei: 't Wurdt dyn bedtiid, pop.'

In kermisbedsje makke 't âld minske  
neist har eigen oer de flier.  
As d' útfanhûzer nachts forlet krig',  
dan wie beppe net sa fier.

Lekker waard hja ûnderstoppe.  
'Leave skat, gau sliepe hear.  
Wurdsto moarnier wer wekker,  
dan skynt grif de sinne wer.'

Mar, de sliep woe net komme,  
't famke wrotte om yn't nêst.  
Beppe tocht, ik wit net leave,  
mar dit liket net sa bêst.

Earst brocht hja alris hwat drinken,  
doe in muntsje, 't waard al let.  
't Wie al tsjuster yn 'e keamer  
en noch sliepte 't famke net.

Doe, it roun ek al tsjin tsienen,  
rekke beppe ek oan kant.  
Nou, tocht hja, sil it wol better wurde,  
mar sa wie 't nou just net, hwant....

'Mei ik wol by beppe sliepe?'  
It hege wurd dat wie no sein.  
Dat wie hwat hja hieltyd wold hie,

No, dat moast dan mar, sei beppe,  
'Foarút, kom dan mar gau.'  
As hja enliks dan mar sliepte,  
Stuts it har net mear sa nau.

En sa krûpte de útfanhûzer  
hearlik tsjin beppe oan.  
Sliepte binnen fiif minuten,  
hwant it lei dêr wol sa skoan.

Mar, nou wie't noch net yn oarder,  
't famke sliepte nou wol fêst,  
nou koe beppe sels net sliepe,  
dat wie ek al wer net bêst.

Hark, dêr sloech de klok al tolve,  
beppe tocht, 't is singelier,  
mar ik moat it sels mar ris besykje  
op it bedsje op de flier.

En sa rekken hja dan einliks  
allebeide yn 'e rêst.  
It âlde minske op 't kermisbedsje,  
't famke fijin yn beppes nêst!!

## Oare kritejûnen fan Gysbert Japicx

Sneon	11 maart 2017	Kritejûn, jiergearkomste
Sneon	14 novimber 2017	Kritejûn

### Jûnen oare kriterien Diel 1

Den Helder	Ynformaasje: B.T. de Vries	0223617752
	13-1-2017	
Hoarn	Ynformaasje: J. Vogel	0229234012
	21-1-2017	



## Frysk bakkersguod

By Tonia Rijpkema kinne jo in bestelling opjaan foar Frysk bakkersguod.

De prizen dêrfoar binne(ûnder foarbehâld):

Lytse sûkerbôlen	€ 2,10
Grutte sûkerbôlen	€ 3,90
Lytse oranjekoeken	€ 5,00
Grutte oranjekoeken	€ 6,50 / € 10,00
Dúmkes	€ 2,60


Graach jo bestelling opjaan foar freed 6 jannewaris 2017.

Till. 0299-671170 (tusken 18.00-19.00 oere).

## Boekenijs

### Tsien fan Hylkje, ferhalen fan Hylkje Goïnga

De bondels mei koarte ferhalen fan Hylkje Goïnga (1930 - 2000) binne al lang útferkocht. Foar titels as Twa dames yn in DAF, Thús is de Maggi op en In superman fersûpt net wienen destiids in protte lêzers. De “Martha-aventoeren”, fol nuveraardige situaasjes en brike setten, binne fan alle tiden. Hylkje Goïnga wurdt wolris fergelike mei de Ingelske skriuwer Roald Dahl. Krekt as Dahl hat se der aardichheid oan om it ûnwierskynlike as deagewoan foar te stellen. De lêzer wurdt geregeld op ‘e ferkearde foet setten omdat de ferhalen oan de ein faak in hiel ûnferwachte, soms absurde draai meitsje. Op fersyk fan Thys Wadman hat Douwe Kootstra de opdracht krigen om “tsien fan Hylkje” út te sykjen. Net dé tsien fan Hylkje. Nee, gewoan tsien ferhalen dy’t karakteristyk binne foar har wurk: koart om ‘e hoeke, humoristysk en bysûnder.



## Nijjerswinsk



*Noflik*

*Sûn*

*2017*

## Kritejûn

**SNEON** 14 jannewaris 2017  
De jûns om **20.00** oere

**Yn it Stedelijk Gymnasium**  
**Jacobijnestraat 24**  
**2011 TH Haarlem**

De jûn wurdt fersoarge troch:

Toanielploech Boadegraven mei it stik:

### Twafertsjinners yn twastriid

No dy pear wurden sizze al genôch.

De hiele dei hinne en wer fleane.

De frou as advokaat en de man is hanneler yn fytsen en fystûnderdielen.

Jild genoch mar drok, drok en nochris drok.

De húshâlding rint finaal yn'e war en jûns binne beide deawurrich. Der is dan by sawol de frou as de man gjin enerzy mear om it iten klear te meitsjen sterker noch se binne te wurrich om de tillefoan op te nimmen!

Dizze gong fan saken moat wol útrinne op in ramp. Al mei al is it dus hiel aktueel ûnderwerp. Mar as alles finaal yn it hûnderd ron is, komt der dochs ûnferwacht in oplossing.

Skriuwer: Geert Meter



## Rolferdieling:

Germ Bokma, fertsjintwurdiger yn fytsen Miedema	Siebren
Lysbet Bekkema, advokaat en freondinne fan Germ Zienstra	Lysbeth
Bauke Bangma, plysje Westra	Sybren
Anneke de Boer, skriuwster Hoeij	Klaske van
Tiny, help yn'e húshâlding Westdyk	Pietie
Harm, de buorman	Hans Dijk



Yn it skoft sille der wer lotten ferkocht wurde.

Foar leden is de tagong € 3.50 op fertoan fan de jildige ledekaart.

Tagongspriis net-leden € 10.00.

Lidmaatskip € 9.10 per persoan yn 't jier.